

earste fesper foar de tiid fan de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
allegearre myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
allegearre heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

hymne fleurich ljocht, 1, 2 en 3

o ljocht, fleurich ljocht út 'e himel,
dyn glâns is in teken fan God,
do waarmest de ierd' as de sinne,
foar ivich de kjeld ferdreaun

wy komme ta rêst yn 'e jûntiid,
de dei glidet oer yn 'e nacht,
dan sjonge wy lûd en wy roppe,
kom by ús geast, soan en heit

hoe soene wy net alle dagen
dan sjonge mei heldere stim,
oan jo tankje wy, hear, ús libben,
jo lof rûst troch de hiel de wrâld

psalm psalm 111

antifoon dy't ûntsach foar him hienen, hat er iten jûn en altyd tinkt er oan syn ferbûn

I halleluja, ik tankje de hear mei it hiele hert
II yn 'e rûnte fan 'e frommehd en yn 'e gearkomste,
I grut binne de dieden fan 'e heare,
II dy't dêr bliid mei binne, hawwe der ûnderfining fan,
I ferheven en hearlik is syn dwaan
II en syn gerjochtichheid bestiet foar ivich,
I mei syn wûnders hat er namme makke,
II goedgeunstich en barmhertich is de heare,
I dy't ûntsach foar him hienen, hat er iten jûn
II en altyd tinkt er oan syn ferbûn,
I hy hat it folk syn machtsdieden fiele litten,
II doe't er har it erfskip fan 'e heidenen joech,
I wier en rjocht binne de wurken fan syn hannen,
II betroud binne al syn oarderingen,
I foar ivich en altyd steane se fêst,
II yn trou en oprjochtens moatte se dien wurde,
I syn folk hat er ferlossing beskikt,
II syn ferbûn har foar ivich oplein,
I syn namme is hillich en ûntsachlik,
II ûntsach foar de heare is it begjin fan 'e wysheid
I en wa't dat hat, sjocht it goed,
II syn lof sil ivich bestean

antifoon dy't ûntsach foar him hienen, hat er iten jûn en altyd tinkt er oan syn ferbûn

lêzing

Markus 2: 18-22

De learlingen fan Johannes en fan 'e Fariseeërs holden ris fêstelde. Se kamen by him en seinen, 'wêrom fêstje de learlingen fan Johannes en dy fan 'e Fariseeërs al en jowes net'? Jezus antwurde harren, 'kinne brulloftsgasten faaks fêstje, sa lang as de breugeman yn har fermidden is? Sa lang't de breugeman by har is, kin se gjin fêstelde hâlde. Mar der komme dagen dat de breugeman by harren weinommen is, en dan, dy deis, sille se fêstje. Gjinien set in nije wollen lape yn in âlde wollen mantel, dan skuort it nij ynsette stik by it krimpen los fan it âlde en dêr komt noch slimmer skuor fan. Gjinien docht nije wyn yn âlde sekken, dan skuorre de sekken troch de wyn útinoar en dan binne en wyn en sekken wei. Nee, nije wyn moat yn nije sekken'.

stilte

meditaasje

Ite en fêstje. Iten en drinken binne de basis fan ús bestean. Fêstjen is just in skoft net ite en net drinken. Yn Jezus syn tiid wie dat in gebrûk, benammen op beskate dagen. Fêstjen waard fanâlds yn 'e tsjerke ek dien en no noch yn 'e Yslam. Ien fan 'e funksjes is dan just om in minske wer beseffe te litten hoe ôfhinklik oft men is fan dat simpele iten en drinken. De basis fan ús bestean is sa simpel, mar wy kinne it net meitsje. Fêstjen leart in minske, dat men ôfhinklik is fan God. Jezus hat ek in kear fêste. Fjirtich dagen en fjirtich nachten. Dat skoft hat er him hielendal oerjûn oan syn God. Him ôfhinklik opsteld op libben en dea. Hy hat foargoed field hoe kwetsber oft ús deistige bestean is. Dêrnei hat er syn learlingen noait wer fêstje litten, mar just fleurich mei se iten en dronken. Syn earste teken út 'e woestyn wei, seit Jehannes, wie mei de brulloft te Kana. Om sjen te litten hoe't it keninkryk fan God derút seach, hoe tichtby oft it wie en hoe ticht by har earste ferlet. As wy Jezus dizze fjirtich dagen folgje, leare wy ek dy nije manier fan iten en drinken. Hy hat dat djipste betrouwen op God, ús heit, wiermakke en hy wol ús dat djipste betrouwen eigen meitsje. In betrouwen op libben en dea. As wy Jezus folgje, feroaret ús bestean fan 'e basis ôf. It meast ienfâldige miel iten wurdt in teken fan syn keninkryk. Wy meie derfan genietsje as sieten wy op in brulloft.

mesyk

magnificat

myn siel ferheft de hear
en myn geast ferblidet him oer God, myn heilân,
hy dochs sloech syn each
op 'e fernedering fan syn tsjinstfaam,
want sjoch, fan no oan
sille alle de stagen my sillich priizje,
want grutte dingen hat de almachtige oan my folbrocht,
hy, waans namme hillich is
en waans erbarmen rêstet fan slachte oant slachte
op dyjingen dy't him freezje,
in machtdied die er mei syn earm,
de heechmoedigen fan hert hat hy ferstruid,
hearskers hat er delstaat fan har troanen
en ferhege de earmen,
hûngerigen hat er mei woldieden ferfolle
en riken leech wer fuortgean litten,
hy hat Israel, syn feint, stipe jûn
en dêryn hat er tocht oan syn barmhertichheid,
allikerwiis hy alear ûnthjitten hat oan ús âfears
foar Abraham oer en syn neiteam oant yn ivichheid,
eare wêze de heit en de soan en de hillige geast,
lyk it yn 't begjin wie, no en jimmer
en fan ivichheid oant ivichheid, amen

gebedens

foargonger

leave heare,
wy bidde jûn
foar de minsken dy't net iens iten hawwe
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar dy't oars gjin gedachte hawwe
as de soarch om it neakene bestean

*allegearre
foargonger*

en wy roppe,
hear ûntfermje , hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
.... ..

allegearre

en wy roppe,
hear ûntfermje , hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

foargonger

sa lizze wy no yn stilte
de nammen, de gesichten, de sitewaasjes
foar jo del
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
heare, wy bidde jo,
dat de minsken by ús priuwe kinne,
dat mei jo derby net ien foarby giet,

allegearre dat gjin lege hannen en gjin lege mûlen,
gjin lege magen en gjin lege eagen
mear sjen kin,
dy't ien kear by jo te gast west hat,
dêrom bidde wy meiinoar,
ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet jûnbea fan Gysbert Japiks, gesang side 828-829: 1, 2, 3, 4, en 5, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
allegearre amen

twadde fesper foar de tiid fan de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
allegearre myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
allegearre heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

hymne fleurich ljocht

psalm psalm 112

antifoan yn syn hûs is grutte rykdom en syn gerjochtichheid giet altyd troch

I hoe gelokkich is de man, dy't ûntsach hat foar de heare
II en bliid is mei syn geboaden,
I syn neiteam sil sterk wêze yn it lân,
II it geslacht fan 'e frommen wurdt segene,
I yn syn hûs is grutte rykdom
II en syn gerjochtichheid giet altyd troch,
I foar de fromme is der in ljocht yn it tsjuster,
II genedich, barmhertich en rjocht,
I in goed minske wit fan jaan en útlienen
II en hy beoorderet syn saken sa't it heart,
I hy sil yn der ivichheid net wikkje
II en de rjochtfeardige bliuwt yn oansjen,
I kwealaster is er net bang foar,
II syn hert is wis yn 't fertrouwen op 'e heare,
I hy bliuwt himsels en ferblykt net
II oant er op syn tsjinstanners delsjen mei,
I goederjousk dielt er mei oan 'e earmen
II en syn gerjochtichheid giet altyd troch,
I syn eare en macht winne hieltyd oan,
II de ferkearde sjocht it en fergunt it him,
I hy knarst op 'e tosken en jout him ôf,
II wat sûnders begeare, komt neat fan terjochte

antifoan yn syn hûs is grutte rykdom en syn gerjochtichheid giet altyd troch

lêzing Markus 3: 31 - 4: 9

Op in kear kamen syn mem en syn bruorren, se bleauwen bûtendoar stean en stjoerden ien nei him ta om him te roppen. Der siet gâns folk om him hinne en se seinen tsjin him, 'jo mem en jo bruorren en susters freegje bûtendoar om jo'. Jezus antwurde harren, 'wa is myn mem, wa binne myn bruorren?' Doe seach er it hear oer en sei, 'sjoch, dit is myn mem, dit binne myn bruorren. Wa't docht wat God wol, dy is myn broer, myn suster, myn mem'.

Wer in oare kear begûn er it folk te learen oan 'e kant fan 'e mar. Gâns folk klofte om him gear, dat hy stapte yn in boat, sadwaande wie hy op 'e mar en stie al it folk op 'e marswâl. Hy learde harren gâns troch gelikenissen en sei bygelyks by syn ûnderjocht, 'harkje, der gong ris in siedder út te siedzjen. No foel by it siedzjen in part fan it sied oer it paad, doe kamen de fûgels en dy pikten it op. In oar part kaam op 'e rotsgrûn telâne, dêr't mar in tin laachje ierde wie en omdat it gjin djipte hie, kaam it al gau op. Mar doe't de sinne opgien wie, ferskroaide en ferdroege it, want it koe gjin woartel sette. Wer in oar part foel yn 'e stikels en doe't dy opskeaten, smoarde it en joech gjin frucht. Mar der wie ek in part dat yn goede ierde telâne kaam, it skeat op, wûn oan en brocht tritich, sechstich en hûndert kear safolle sied op'. Hy sei der noch by, 'wa't earen hat om te hearren, lit dy hearre'.

stilte

meditaasje

Jezus praat net sa faak oer syn femylje. It is ek dat oaren der hjir oer begjinne en dat se oan him roppe, 'rabby, jo mem, jo bruorren, jo susters.' De femylje is it eigenste plak, it plak dêr't in minske leare moat wat feilichheid en ferbûnens is. Nei iten en drinken is dat it belangrykste ferlet fan in minske, feilichheid en minsken dêr't jo by hearre. Femylje, as it goed is. Jezus docht hjir yn wêzen wat ûnmoogliks. Hy jout dy alderdjipste feilichheid en ferbûnens wei sûnder der wat foar werom te krijen. Hy leit syn lot yn 'e hannen fan wyldfrjemde minsken. As sied, dat útstruid wurdt en ek net wit wêr't it telâne komt. Dat

mar ôfwachtsje moat oft it de kâns krijt om op te sjitten en grut te wurden. Bûtendoar, oant ien seit fan 'kom deryn.' Sied, yn Israel in oar wurd foar femylje.

Yn wêzen wurde wy allegear, as wy berne wurde, útsruid oer de ierde as sied. Net ien freget om syn femylje. En allegear hawwe wy ferlet fan ferbûnens, minsken dy't by ús hearre en feilichheid. De iene krijt dêr mear fan, de oare minder. Mar allegear, wy dy't hjir sitte, krije ek it wurd fan it evengeelje. In wurd dat sprekt fan frede en folsleinens en rjocht. As wy dogge wat dat wurd wol, komt Jezus der by ús yn. Dan freget hy fan ús dy alderneiste feilichheid en ferbûnens. Hy wurdt ús broer, neffens syn eigen sizzen sels ús bern. Lyts komt er by ús. Woartele yn ús libben wol er grut wurde op ierde. Om ús hinne wol er frucht drage. Mear as dat wy tinke kinne.

mesyk

magnificat

gebedens

foargonger

leave heare
wy bidde jûn
foar minsken sûnder bruorren of susters
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar bern sûnder heit of mem,
heiten en memmen sûnder bern,
foar elk dy't net ien om him hinne hat
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
sa lizze wy no yn stilte
de nammen, de gesichten, de sitewaasjes
foar jo del

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
heare, wy bidde jo
dat wy it wurd fan jo leafde hearre
en de minsken neist ús in hân jouwe,
dat ús hurde hert en ús hurde wrâld,
ús eangst om it bestean te dielen,
it siedsje fan jo takomst
net keare om nei bûten ta te groeien,
dêrom bidde wy meiinoar,

allegearre

ús heit yn 'e himel ...

jûnsljet

gesang 385: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

*foargonger
allegearre*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

trede fesper foar de tiid fan de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
allegearre myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
allegearre heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

hymne fleurich ljocht

psalm psalm 113

antifoan dy't de swakke oerein helpt út it stof en de earme omheech hellet út it slyk

I halleluja, loovje, tsjanners fan 'e heare,
II loovje de namme fan 'e heare,
I heech te priizjen is de namme fan 'e heare
II fan no ôf oant yn ivichheid,
I fan it uterste easten oant it fierste westen
II is de namme fan 'e heare te loovjen,
I boppe alle folken is de heare ferheven
II en syn hearlikheid is boppe de himel,
I wa is as de heare, ús God,
II yn 'e himel of op 'e ierde,
I dy't yn 'e hichte syn troan hat
II en yn 'e lichte delsjocht,
I dy't de swakke oerein helpt út it stof
II en de earme omheech hellet út it slyk,
I dy't him plak jout njonken eallju,
II njonken de eallju fan syn folk,
I dy't de ûnfruchtbere húsfrou wenje lit
II as in blide mem mei bern, halleluja

antifoan dy't de swakke oerein helpt út it stof en de earme omheech hellet út it slyk

lêzing

Markus 5: 1 - 20

Se kamen oan 'e oare kant fan 'e mar yn it lân fan 'e Gerazenen. Doe't er út 'e boat stapte, kaam him by de grêven wei in man temjitte, dy't in kweade duvel ynhie en dêr yn 'e grêfhoalen tahold. Gjinien hie him noch fêstbine, ja net iens yn 'e boeiens slaan kinnen, want wit-hoe-faak hienen se him al fêstset mei fuotbongels en boeiens en hied er de hânboeiens ferbrutsen en de bongels stikken wreaun. Gjinien koe him oer. Nacht en dei die er oars net as mûlgûle yn 'e grêfhoalen en op 'e bergen en bûke er himsels mei stiennen. Mar doe't er Jezus seach, kaam er fan fierrens oanstrûzen, foel foar him op 'e knibbels en âle lûd, 'wat hawwe jo mei my te meitsjen, Jezus, soan fan God de alderheechste? By God, ik beswar jo, pinigje my net'. Want Jezus hie tsjin him sein, 'do smoarge duvel, gean út dy man wei'. Jezus frege him, 'hoe hjitsto'? Hy antwurde, 'ik hjit legioen, want wy binne manmachtich'. Mei ynmoed frege er Jezus dat er harren net út dy streek wei stjoere soe. No rûn der krekt in grutte keppel bargaen op 'e skeante fan 'e berch te weidzjen. Se fregen him, 'jei ús yn dy bargaen, dat wy yn dy bisten in hinnekommen fine meie'. Dat wie Jezus goed en de duvels gongen út 'e man wei en teagen yn 'e bargaen. Doe stode de keppel by de hichte del it wetter yn, sa'n twatûzen en se fersûpten yn 'e mar. De hoeders namen de wyk en fertelden it yn 'e stêd by de boeren. Doe gongen de minsken derhinne om te sjen wat him dêr ôfspile hie. Se kamen by Jezus en seagen de besetene sitten, oanklaaid en goed by syn ferstân, de man dy't it legioen duvels yn him hân hie en se waarden bang. Dy't it sjoen hienen, begûnen dúdlik te meitsjen hoe't it mei de besetene en de bargaen gien wie. Doe stienen de minsken der tige op oan dat er út har gerjochtichheid wei gean soe. Jezus stapte al yn 'e boat, mar de man dy't beseten west hie, frege oft er mei mocht. Jezus woe it lykwols net lije en sei tsjin him, 'do moastst nei hûs ta gean, nei dyn eigen folk en dêr fertelle, wat de Hear oan dy dien hat en hoe goed hy foar dy west hat'. De man gong fuort en fertelde it oeral yn de Dekapolis, wat Jezus oan him dien. Elkenien wie ferheard.

stilte

meditaasje

Wat wie dat no dat dy man hie dêr by dy grêven? Gjin earmoed, oan 'e ein fan it ferhaal is er goed yn 'e klean. Gjin iensumens, Jezus seit dat er nei syn femylje ta gean moat. Wat wie it al? Eangst. Yn him

hat wat west, in swak stee, in ferkearde gedachte, dy't him gjin rêst joech. In psychyske sykte, in waanidee, in gefoelichheid foar de wrâld om him hinne. It prebleem fan meskien wol alle dakleazen fan ús maatskippij. Se kinne iten en drinken krije. Der is wol in feilich plak. Mar yn har holle is it net feilich. Dêr is eangst en dan hâlde jo it nearne út en bedarje jo oan 'e râne fan 'e maatskippij. By de grêven, yn 'e boeiens.

len fan 'e dingen dêr't Jezus it yn it evengeelje it drokst mei hat, is it útdriuwen fan sokke duvels. Tagelyk is it krekt dat wat wy it minste begripe. Besteane se echt? Hoe kin hy sa mei se prate? As hy al macht oer se hat, wat moatte wy dan? Oan 'e oare kant, krekt dêr koe wol ris slim ferlet fan wêze. Elk hat iten by ús, elk kin in feilich plak krije. Mar net elk syn of har geast is frij. As wy dy duvels in kear eangsten doarre te neamen, binne der by ús meskien ek wol in legioen fan.

Hoe docht Jezus dat? Wat docht hy, dat wy net dogge? It falt op dat Jezus suver mear mei de duvels praat as mei de pesjint. Hy doart se oan te sjen en oan te sprekken en nei har namme te freegjen. Wa bisto, datsto it libben fan dizze minske fernielst? Jezus giet it kwea net út 'e wei, Hy sjocht it yn 'e eagen. En sa makket er duvels en eangsten los fan 'e minsken dy't se pleagje. Dan straft it kwea himsels. Dan krije minsken romte.

mesyk

magnificat

gebedens

foargonger leave heare,
wy bidde jûn
foar elk dy't fêstsit yn 'e kweade
geast fan eangst en eigenwizens
en wy roppe,
allegearre foargonger hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar allegearre dy't riden wurde
fan trends en bewegings sûnder stjoer
en wy roppe,
allegearre foargonger hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
.... ..
en wy roppe,
allegearre foargonger hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
sa lizze wy no yn stilte
de nammen, de gesichten, de sitewaasjes
foar jo del
en wy roppe,
allegearre foargonger hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
heare, wy bidde jo,
dat wy ús geast de frijheid gunne
fan it kontakt mei jo
en dat wy de frijheid fine
en sjoch oaren yn 'e eagen
en wês net bang fan haat en lulkens
en meitsje skieding
tusken ljocht en tsjuster om ús hinne,
dêrom bidde wy meiinoar,
allegearre ús heit yn 'e himel ...

jûnsljet gesang 387: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
allegearre amen

fjirde fesper foar de tiid fan de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
allegearre myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
allegearre heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

hymne fleurich ljocht

psalm psalm 114

antifoan beevje foar God, dy't de rots yn in dobbe feroare en de balstien yn in wetterwelle

I doe't Israel út Egypte teach,
II it skaai fan Jakob út in frjemdtalich folk,
I is Juda syn hearlike wente wurden
II en Israel syn ryksgebiet,
I dat seach de see en flechte,
II de Jordaan ek skrilte tebek,
I de bergen sprongen as rammen,
II de heuvels as jonge lammen,
I wat wie deroan, see, datsto flechtest,
II Jordaan, datsto tebek skrillest,
I wêrom, bergen, sprongen jimme as rammen
II en jimme, heuvels, as jonge lammen,
I beevje, ierde, foar it antlit fan 'e heare,
Iif oar it antlit fan Jakobs God,
I dy't de rots yn in dobbe feroare
II en de balstien yn in wetterwelle

antifoan beevje foar God, dy't de rots yn in dobbe feroare en de balstien yn in wetterwelle

lêzing

Markus 8: 11 - 21

De Fariseeërs kamen ris en begûnen tsjin him te iggewearjen en om him te hifkjen, fergen se him op in teken fan boppen. Hy suchte djip en sei, 'wat freget dit naasje om in teken, dit sis ik jimme, 'in teken krijt dit naasje net'. Doe liet er harren stean, stapte yn en foer werom nei de oare wâl. It wie har troch it sin gien brea mei te nimmen en sadwaande hienen se mar ien brea by har yn 'e boat. Hy warskôge har, 'tink derom, bliuw fan it gêst fan 'e Fariseeërs en dat fan Herodes ôf'. Mar hja praten der meiinoar oer troch, dat se sûnder brea sieten. Hy fernaam dat en sei, 'wat sitte jim dochs te praten, dat jim gjin brea hawwe? Fersteane en begripe jim it dan noch net? Wol it der by jim dan noch net yn? Jim hawwe eagen, mar sjogge net, jim hawwe earen, mar hearre net. Witte jimme dan net mear, hoefolle kuorfolle brokken jim byinoar fandele hawwe, doe't ik de fiif breaën brik foar de fiiftûzen?' 'Tolve', seinen se. 'En hoefolle kuorfolle hawwe jimme gearfandele, doe't ik de sân breaën brik foar de fjouwertûzen?' 'Sân', seinen se. Doe sei er tsjin harren, 'no, begripe jimme it dan noch net?'

stilte

meditaasje

As jo alles al hawwe, iten en drinken, feilichheid, frijheid fan eangst, dan is in minske soms mar in nuver ding. De Fariseeërs dy't hjir oan it wurd binne, kamen grif yn gjin inkeld ding te koart. It folk droech se op hannen, se koenen de timpel yn en út rinne. Mar se freegje om in teken. Mei as ûndertoan, as wy it sa goed hawwe, sa goed witte, wat sil God ús dan mear fertelle? Lit mar ris sjen. Geastlike ferfeling. Oerfloed en romte is blykber foar in minske net genôch. Wy hawwe ferlet fan in himel dy't iepen giet, sicht op God. Dat uteret him hjirre, krekt as by bern, yn ferfeling en útdaagjend gedrach. Dat is lykwols net de manier om tichter by God te kommen. Jezus lit dizze Fariseeërs iiskâld stean. Mar syn learlingen bringe it der net folle better fan ôf. Twa kear hawwe se in breawûnder meimakke, wûnders dy't wy no noch net begripe kinne. En dan soargje se just dêroer, mei Jezus yn 'e boat, oer it deistich brea. Wa't dêr ek noed mei hawwe mei, dizze learlingen net. Wy hawwe it alderferskrikliste bêst. Iten en drinken by 't soart. Feilichheid, as it goed is. Meskien hat God ús wol in kear frijmakke fan in ferkearde geast dy't ús bedrige. Dan komt it derop oan hoe't jo omgeane mei it ferlet fan in teken. Net God útdaagje, dat er sjen litte moat dat er der is. Net by him lâns libje, as is der oars net yn it libben as iten. Hoe al? Alles dat wy krije is in teken fan God syn leafde.

Wolle wy mear, dan meie wy Jezus folgje, dizze fjirtich dagen. Hy is it teken, yn fleis en bloed, dat God ús net ferjit.

mesyk

magnificat

gebedens

foargonger

leave heare,
wy bidde jûn
foar elk dy't freget en siket
en gjin teken fynt
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar allegearre dy't taaste
nei grûn ûnder de fuotten,
foar dy't omhegen sjogge
om in ljochtstriel yn har nacht
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..

*allegearre
foargonger*

en wy roppe,
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
sa lizze wy no yn stilte
de nammen, de gesichten, de sitewaasjes
foar jo del

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
heare, wy bidde jo,
dat wy it folhâlde
by it brekken fan brea en wyn,
dat wy dat teken diele,
ûnmooglike sitewaasjes iepenbrekke,
de sêfte plakken doarre te finen
yn hurde minsken
en meiinoar ûntdekke dat jo mei ús geane,
dêrom bidde wy meiinoar,
ús heit yn 'e himel ...

allegearre

jûnsljet

gesang 382: 1 oant en mei 8, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

*foargonger
allegearre*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

fyfde fesper foar de tiid fan de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foartgonger hear, iepenje my de lippen
allegearre myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
allegearre heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

hymne fleurich ljocht

psalm psalm 115

antifoan net de deaden sille de heare loovje, net ien fan har dy't yn 'e stilte delsonken binne

I net ús, o heare, net ús,
II mar jo namme komt eare ta
I om jo geunst en trou,
II wêrom moatte de folken sizze, wêr is dochs har God,
I ús God is yn 'e himel en hy docht wat er wol,
II har goaden binne sulver en goud,
I troch minskehannen makke,
II se hawwe in mûle, mar prate net,
I se hawwe eagen, mar sjogge net,
II se hawwe earen, mar hearre net,
I se hawwe in noas, mar rûke net,
II se hawwe hannen, mar taaste net,
I se hawwe fuotten, mar rinne net,
II se jouwe gjin lûd mei har kiel,
I dy't har makke hawwe, moatte wurde as sij
II mei elk dy't op har fertrout,
I mar Israel fertrout op 'e heare,
II hy is har help en har skyld,
I 't hûs fan Aäron fertrout op 'e heare,
II hy is har help en har skyld,
I de godfreezjende fertrouwe op 'e heare,
II hy is har help en har skyld,
I de heare tinkt oan ús, hy sil ús segenje,
II hy sil it hûs fan Israel segenje,
I hy sil segenje dy't ûntsach hawwe,
II de lytsen en de grutten,
I de heare mei jim oanwinne litte,
II jimme en jim bern,
I segene binne jim troch de heare,
II dy't himel en ierde skepen hat,
I de himel is de heare sines,
II mar de ierde hat er de minsken jûn,
I net de deaden sille de heare loovje,
II net ien fan har dy't yn 'e stilte delsonken binne,
I mar wy, wy wolle de heare priizje
II fan no ôf oant yn ivichheid, halleluja

antifoan net de deaden sille de heare loovje, net ien fan har dy't yn 'e stilte delsonken binne

lêzing

Markus 8: 31 - 9: 1

Doe begûn er harren derfan op 'e hichte te bringen, dat de minskesoan gâns lije moast en dat hy troch de âldsten, de hegeprysters en de wetlearaars ferskopt wurde soe, deade wurde en mei trije dagen ferrize. Planút sei er harren dat. Doe helle Petrus Jezus nei him ta en ûnderstie him deroer. Mar Jezus kearde him om, seach syn learlingen oan en lies Petrus it leksum, 'fuort do, foar my wei, satan, do hast net yn 't sin wat God wol, mar wat de minsken wolle'.

Hy rôp it folk en syn learlingen by him en sei, 'as ien my folgje wol, dy moat himsels weisiferje, syn krús opnimme en dwaan lykas ik. Want dy't syn libben behâlde wol, dy sil it ferlieze, mar dy't syn libben jaan wol om it evangeelje, dy sil it hâlde. Wat jout it ommers oft men de hiele wrâld wint, as jin dat op it libben komt te stean? Want wat kin men jaan, dat de priis fan it libben wurdich is? As ien him foar my

en myn wurden skammet foar dit ûntrou en sûndich naasje oer, foar sa'n ien sil de minskesoan him skamje, as hy kommen is yn 'e hearlikheid fan syn heit mei de hillige ingels'. Hy sei tsjin harren, 'ûnder de minsken dy't hjir steane, binne guon dy't net stjerre sille, ear't se sjoen hawwe, dat it Godsryk mei krêft kommen is'.

stilte

meditaasje

Wat is it libben? Is dat iten en drinken, is dat in feilich plak, is dat frijheid, is dat de bân mei it hegere? As de kniper op 'e skine komt, dan wurdt dúdlik dat it sa net sit. It libben is mear en tagelyk minder. As jo alles hâlde, kinne jo noch it libben wol kwytreitsje. As jo neat hawwe, kin men der noch oan hingje. Petrus nimt Jezus geweken, as it om libben en dea begjint te gean. It is mear as de som en minder as it lytste diel. Hoe belangryk is dat ûngrypber, ûnsichtber, net te definiearjen besit, libben. Alles hinget deroan, alles stiet of falt dermei, it is nearne mei te beteljen. In oar sines net en jinnes net. Hoe moat men mei dat alderkostberste geskink omgean? Hoe moat men it bewarje? Jezus syn wurden binne it grutste geheim fan 'e tsjerke. Se binne net logysk en dus ek net út te lizzen. Der sit wat yn fan God syn frjemde rjocht, dat altyd oars útfalt as dat wy hawwe wolle soenen. It libben is net te bewarjen. Alles dat jo dogge om jins libben feilich te stellen, slacht it jin út 'e hannen. Jo moatte it just priisjaan, loslitte. Net oan 'e earste de bêste, net oan 'e machten fan dizze wrâld. Dy meitsje wol leven en beweech, mar komme net fan 't plak en sizze neat. Jo moatte it priisjaan oan it evengeelje, it wurdt fan God dat hannen en fuotten krigen hat yn Jezus. Dat sprekt ta it lytse, dat it ferlerne opsiket. Oant de dea derop folget, dat is ús libben.

mesyk

magnificat

gebedens

foargonger

leave heare,
wy bidde jûn
foar elk dy't bang is
foar it ferlies fan it libben
en wy roppe,

allegearre foargonger

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar allegearre,
dy't fjochtsje mei de dea,
dy't fiele hoe't har wêzen en wearde
wis en wreed fan har ôf giet

allegearre foargonger

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..

allegearre foargonger

en wy roppe,
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
sa lizze wy no yn stilte
de nammen, de gesichten, de sitewaasjes
foar jo del

allegearre foargonger

en wy roppe,
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo...
heare, wy bidde jo,
dat wy har fêsthâlde
as libbenen, net as deaden,
dat wy ús eigen libben,
ús eigen bange binnenst
falle litte

allegearre

yn 'e hoede fan jo heitehannen
dêrom bidde wy meiinoar,
ús heit yn 'e himel ...

jûnsljet seine

gesang 392: 1, 2, 3, 4 en 5, *lieteboek foar de tsjerken*

foargonger allegearre

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

sechsde fesper foar de tiid fan de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
allegearre myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
allegearre heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

hymne fleurich ljocht

psalm psalm 116

antifoan ik bin ommers jo tsjinner, heare, dêrom hawwe jo myn boeien tebrutsen

I ik haw de heare tige leaf,
II om't er nei myn smeekejen harket,
I om't er it ear nei my holden hat,
II sil ik him oanroppe myn libben lang,
I bannen fan 'e dea wienen om my hinne spand,
II de eangst foar it deaderyk fleach my oan,
I yn druk en drôvens kaam ik suver om,
II mar ik rôp de heare by de namme,
I o heare, rêd myn libben,
II genedich en rjochtfearnich is de heare
I en barmhertich is ús God,
II de heare hoedet de ienfâldigen,
I ik wie der min oan ta, mar hy hat my ferlost,
II kom wer ta rêst, sis ik tsjin mysels,
I want de heare hat dy goed dien,
II omdat jo myn libben frijskat hawwe fan 'e dea,
I myn eagen fan trienne,
II en myn fuotten fan stroffeljen,
I dêrom kin ik by de heare yn- en útgean
II yn it lân fan 'e libbenen,
I ik hie fertrouwen, al sei ik ek,
II o wat bin ik der ellindich oan ta
I en al tocht ik mismloedich,
II alle minsken falle my ôf,
I wat sil ik de heare no weromdwaan
II foar alle goeds dat er my dien hat,
I heech til ik de beker fan it heil
II en ik rop de namme fan de heare út,
I ik betelje de heare myn geloften
II en dat foar it each fan it hiele folk,
I te djoer is yn 'e eagen fan 'e heare
II de dea fan syn geunstlingen,
I ik bin ommers jo tsjinner, heare,
II jo tsjinstfeint, in soan fan jo tsjinstfaam,
I dêrom hawwe jo myn boeien tebrutsen,
II oan jo bring ik in tankoffer
I en ik rop de namme fan 'e heare oan,
II ik betelje de heare myn geloften
I en dat foar it each fan it hiele folk,
II yn 'e foarhóven fan it hûs fan 'e heare,
I yn dyn fermidden, Jeruzalem,
II halleluja

antifoan ik bin ommers jo tsjinner, heare, dêrom hawwe jo myn boeien tebrutsen

lêzing Mattéus 21: 12 - 17

Jezus gong de timpel yn en jage alle lju dy't dêr oan it keapjen en ferkeapjen wienen, derút. De diskes fan 'e jildwikselders en de stuoltsjes fan 'e dowehannelers reage er om en hy sei, 'der stiet yn 'e skrift, 'myn hûs sil in hûs fan gebed neamd wurde, mar jimme meitsje der in rovershoale fan'. Yn 'e timpel kamen ek blinen en kreupelen by him. Hy makke harren better. Doe't de hegeprysters en wetlearaars de wûnders seagen dy't hy die en de jonges yn 'e timpel hieltiten mar roppen hearden, 'heil de soan fan David', waarden se poer en seinen tsjin him, 'hearre jo wol wat dy dêr sizze'? Jezus antwurde harren, 'jawis, hawwe jimme yn 'e skrift noait lêzen, 'jo hawwe beukers en lytse poppen derta brocht jo lof te sjongen'? Doe liet er harren stean en gong de stêd út, de kant fan Betanië op. Dêr bleau er dy nachts.

stilte

meditaasje

De bibel stiet fol mei ferhalen om fan te learen. It is in boek mei lessen, oer dy iene minske dy't josels binne. En der stiet genôch yn foar in libben lang. Sa leart it evengeelje jin wat in minske nedich is en dat wy dat fan God ferwachtsje mei, iten en drinken, dat djippe gefoel fan feiligens, de heechste frijheid. God soarget dat wy it libben krije en dat ús libben net op ierde opsletten bliuwt. Tagelyk witte wy allegear fan minsken dy't in libben lang wachtsje moatte, soms sels op de alderleechste en aldergewoanste basis fan ús bestean, sûnder it te krijen. De dea komt en se wachtsje noch. De ierdske honger hat dan de minske ynhelle foardat it oan it bibelske libben ta is. Dat is noch altyd it alderferskuorrendste, dêr't yn ús tiid gjin minske de eagen mear foar slute kin. En dat in protte leauwe foargoed fernield hat.

Yn 'e Psalm is ien oan 't wurd dy't ek lang wachte hat, mar dochs ûnderfûn dat God rette. Like lang hat er geloften dien, dy't no werklikheid wurde. Dat fynt plak yn 'e timpel. Yn it evengeelje fan hjoed wurde God syn geloften werklikheid. En ek yn 'e timpel. Dat is it eigene fan Jezus, fan ús leauwe. God fertelt ús dingen, mar dêr lit er it net by. In bibel lang jout er ús te learen, mar wat wy leare moatte, docht er sels mei ús. Mei elk fan ús persoanlik en dochs yn ien kear, yn ien minske. Jezus giet út 'e timpel wei doelbewust de nacht yn, nei it hûs fan 'e earme, út 'e tiid. Dêr't er elk fan ús sa wis as de bank moetsje sil. Dêr smyt er ús tafels fol ûnrjocht om. Dêr makket er ús seare plakken better. En dêr hopet er op ús lof, as fan lytse poppen en fan beukers.

mesyk

magnificat

gebedens

foargonger

leave heare,
wy bidde jûn
foar elk dy't jo tsjinje wol
yn it eigen libben
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar allegearre
dy't de machten op har paad fine,
machten dy't jo keninkryk keare
en de striid net út 'e wei gean wolle
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
sa lizze wy no yn stilte
de nammen, de gesichten, de sitewaasjes
foar jo del
en wy roppe,

*allegearre
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
heare, wy bidde jo,
dat wy jo net ferjitte,
dat wy meiinoar jo bedoeling sykje,
dat wy de krêften yn ús libben,
de krêften yn 'e wrâld om ús hinne
net baas litte,
mar oeral en altyd jo lof ferkundigje,
dêrom bidde wy meiinoar,

*allegearre
jûnsliet*

ús heit yn 'e himel ...
gesang 389: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

*foargonger
allegearre*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen